

## Technyske ynformaasje by de twadde elektroanyske edysje fan it Frysk Hânwurdboek

Ferzje 2 016 0708

### Systeemeasken

Dit programma kin brûkt wurde op kompjûters dy't draaie op de folgjende bestjoeringssystemen:

- Windows XP/Vista/7/8/8.1/10
- Mac OS X 10.3/10.4/10.5/10.6/10.7, OS X 10.8/10.9/10.10/10.11
- Linux

### Ynstallaasje fan it wurdboek

- *Windows*  
Gean nei de map dêr't it ynladen bestân yn opslein is.  
Dûbelklik op Frysk Hânwurdboek.msi.  
Folgje de ynstruksjes fan de Setup Helper.
- *Apple*  
Gean nei de map dêr't it ynladen bestân yn opslein is.  
Dûbelklik op Frysk Hânwurdboek.dmg.  
Sleep Wurdboek nei Applications yn it lofter paneel.  
Opsjoneneel: Gean nei Applications en sleep Wurdboek nei it Dock.
- *Linux*  
Op Linux moat Python 2.7 oanwêzich wêze en wxPython (>=2.8).  
Jo kinne dat ynstallearje mei de standert "Package Manager" op jo systeem of yn in Terminal, bgl. sa:

*Ubuntu (12.04):*

```
sudo apt-get install python-wxgtk2.8
```

*Ubuntu (16.04):*

```
sudo apt-get install python-wxgtk3.0
```

*Fedora (14):*

```
su  
yum install wxPython
```

*Fedora (23):*

```
sudo dnf install wxPython
```

*openSUSE (11.1):*

```
sudo zypper install python-wxGTK
```

*openSUSE (13.2):*

```
sudo zypper install python-wxWidgets
```

*Arch Linux:*

```
sudo pacman -S wxpython2.8
```

Gean nei de map dêr't it ynladen bestân yn opslein is.

It bestân fhwb.tar.gz moat útpakt wurde (bgl. mei de standert "Archive Manager" op jo systeem) nei in directory op de hurde skiif. It bestân "Wurdboek.py" kinne jo dêrnei útfiere.

Of yn in Terminal, bgl.:

```
cd  
tar xzf ~/Downloads/fhwb.tar.gz  
cd fhwb  
./Wurdboek.py
```

### Ynstallaasje fan it wurdboek opheffe

- *Windows:*  
Slút de tapassing as dy iepenstiet.  
Klik op *Start*, iepenje it konfiguraasjeskerm en klik op it item *Software/Programma's en onderdelen*.  
Selektearje *Frysk Hânwurdboek* en folgje de ynstruksjes dy't it konfiguraasjeskerm jout.

- *Apple*  
Slút de tapassing as dy iepenstiet.  
Gean yn *Finder* nei *Applications* en sleep Wurdboek nei *Trash* op it *Dock*
- *Linux*  
Slút de tapassing as dy iepenstiet.  
Smyt de directory *fhwb* fuort.

### **Technyske stipe**

As jo fierdere help of technyske stipe nedich hawwe foar it Frysk Hânwurdboek, nim dan kontakt op mei:

Fryske Akademy:  
Postbus 54  
8900 AB Ljouwert  
Telefoan (+31) 058-213 14 14  
Faks (+31) 058-213 14 09  
<http://www.fryske-akademy.nl/fhwb>  
[taalweb@fryske-akademy.nl](mailto:taalweb@fryske-akademy.nl)